

It freontsje fan de keninginne

PIET HEMMINGA

Ferlach fan in karriêre

By de iepening fan it bern-freonlike Natuurmuseum Fryslân, 8 april 2005, frege sjongeres Kim-Lian van der Meij oan de kommissaris fan de Keninginne wat dat winliken is, in kommissaris fan de Keninginne. Drs. Eduardus Hermannus Theresia Maria Nijpels, op dat stuit goed seis jier warber as kommissaris yn Fryslân, joech spontaan in klear en helder antwurd op dy noch net iens sa maklike fraach: ‘Ik ben het vriendje van de koningin’. Myn fraach is, no’t Nijpels der mei yngong fan 1 maaie mei ophâldt, hoe’t syn karriêre ferrûn is. Fan de lichten fan it Keamerlidmaatskip oant en mei de hichten as kommissaris fan de Keninginne yn Fryslân. Kin in âld-kommissaris trouwens it freontsje of sels feintsje fan de keninginne bliuwe? Wat stelt it amt fan kommissaris fan de Keninginne feitlik foar? In skôging nei oanlieding fan it ôfskied fan Ed Nijpels as kommissaris yn Fryslân.

NIJPELS SR.

By de iepening fan it digitaal argyf fan de *Leeuwarder Courant* makke kommissaris Nijpels dúdlik dat syn famylje al foar 1999 bannen mei Fryslân hat. Sa soe syn heit ein jierren tritich fan de foarige ieu de stêd Ljouwert besocht hawwe. En jawol, it digitaal argyf jout útslútsel. De krante fan 11 maaie 1936 lit witte dat twa jongelju út Den Helder, J. Bijl en H. Nijpels, foar it hâlden fan in plezierritsje in auto hierden en dêrmei yn Ljouwert kamen. ‘Daar aangekomen ging men op zoek naar een amusementsgelegenheid, die redelijk gauw werd gevonden en waar de avond gezellig werd doorgebracht. Toen het sluitingsuur was aangebroken, besloten de jongelui nog wat goede sier te maken. Met zijn beiden ging dit blijkbaar niet te best, waarom ze een tweetal dames uitnodigden een autotochtje met hen te maken’. It ritsje, mei Nijpels achter it stjoer, einige lykwols al gau yn de grêft tusken Uniabuert en Weaze. It kranteferslach leit, hiel galant, de oarsaak by it ûnbekend-wêzen fan de sjauffeur mei de pleatslike situaasje. Dy ried oars ‘op aanwijzing van een der dames door de straten’. De

twa froulju naaiden, doe’t de auto ta skip befoardere waard, hurd út. ‘De beide dames kozen fluks het hazenpad en verdwenen in de Oosterstraat. De heeren werden naar het café van den heer A. Ferwerda gebracht, waar zij van droge kleeren werden voorzien. [...] Voor den chauffeur zal dit muisje nog wel een staartje hebben, daar bij het verhoor door de politie aan het licht kwam, dat hij niet in het bezit was van een rijbewijs’. Nei goed santich jier is myn fraach hoe lang’t mûzesturten wurde kinne, no’t it digitaal argyf sokke berjochten yn inkelde tellen op it skerm toveret.

NIJPELS JR.

Nijpels jr., berne op 1 april 1950 yn Den Helder, ferskynt op 24 febrewaris 1975 foar de earste kear yn de *Ljouwerter*. De 24-jierrige foarsitter fan de *JOVD* pleitet foar in mienskiplik *VVD-PvdA* inisjatyf ta in abortuswet. Dat pleit leveret neat op, de wet *afbreking zwangerschap*, in koproduksje fan *CDA* en *VVD*, sil earst njoggenenineal jier letter fan krêft wurde. De jonge Ed Nijpels



hat op dat stuit de politike fuotten al moai ûnder it gat. Noch gjin jier nei it riedslidmaatskip yn Bergen op Zoom folge yn septimber 1976 de doe noch griene bankjes fan de Twadde Keamer en sawat fiif jier letter wurdt Nijpels -en net Neelie Smit- yn dyselde Keamer de opfolger fan Hans Wiegel, dy't nei syn ministerskip op 'e nij fraksjefoarsitter wurden wie. Steatelid Johanneke Liemburg tipt de *rising* VVD-er begjin jierren tachtich al as takomstich kommissaris fan de Keninginne.

FRAKSJEFOARSITTER

It foarsitterskip fan de VVD-fraksje begjint mei in *Veuve Clicquot Ponsardin* en fuort dêrnei in klinkende ferkiezingsoerwinning mei mar leafst tsien sitten mear. Dêrnei binne de knyntsjedagen gau foarby, as de jonge foarsitter de frustrarre titelleaze NOS-ferslachjouwer Charles Schwietert it lânsbestjoer binnenhellet. De nije steatssiktaris op Definsje fantasearret der sa op los dat er syn politike karriêre al nei trije dagen wer ferjitte kin. Tagelyk is der gedonder mei in oare sjoernalist, Jaap Metz, dy't yn 1982 foar de VVD yn de Keamer komt en dêr't fan sein wurdt dat er de jonge fraksjeliêder sjantearret. De 'pruistige' Nijpels, sa't de ferneamde Iebele Flapper de jongkeardel neamt, ynstallearret ta argewaasje fan in part fan de fraksje in read lampke boppe de doar fan syn wurkkeamer. RSV-enkête en P.C.Hoofd-priis soargje foar noch folle mear liberaal spul. En, krekt wat triviale, de *Playboy* makket yn it Keamergebou foto's fan in 'Vrijmoedig Vrijend Duo': Arnoud Cevaal, de amtlik siktaris fan de VVD-fraksje, en Lorette Welter, persoanlik meiwurkster fan dyselde Metz. De nammen fan Cevaal, Metz en Welter binne goed tweintich jier letter fergetten, lykas dat Nijpels syn kompanen Albert-Jan Evenhuis, Jan Kamminga en Guus Zoutendijk al lang politike skiednis wurden binne. Mei Ed Nijpels liket it polityk dan net goed te kommen. De ferkiezing fan 1986 ferrinne desastreus foar de VVD en de nije fraksje makket him dúdlik dat syn fraksjefoarsitterskip foarby is. Yn it VVD-fermidden fan dy dagen wurdt de jonge foalle Nijpels sjoen as in te fluch iepenlutsen fesse goede wyn en Jan Joost Lindner fan de *Volkskrant* hat it oer in Veronica-liberaal. Dat is net earlik in positive kwalifikaasje. Frits Bolkestein sil letter, VVD-ers ûnderelkoar, in noch hiel wat negativer lûd hearre litte.

BESTJOERDER

De ûntheistering fan de VVD yn de earste helte fan de jierren tachtich docht op mear as ien punt oan de VVD fan de ôfrûne jierren tinken. Hawar, Ed Nijpels mei fierder en folget de betûfte Pieter Winsemius op as minister fan Folkshúsfesting, Romtlike Oardering en Miljeu. As bestjoerder docht de jonge Nijpels it folle better as earder as fraksjefoarsitter. It earste nasjonaal miljeubeliedsplan wurdt ûnder syn ministerskip útbrocht, lykas de fjirde nota romtlike oardering dy't perfoarst net minder is as de oanset ta de fiifde nota romtlike oardering, begjin dizze ieu. De fjirde nota yntrodusearret de steds- knooppunten, dêr't Ljouwert yn earste ynstânsje sa jammerdearlik mei oan it koartste ein lûkt. 'Na Zwolle komt er een hele tijd niets, en als ik eerlijk ben daarna nog een hele tijd niets', sa ferdigenet de minister, fier foardat er Frysk freontsje fan de keninginne wurde soe, it oanwizen fan Zwolle ta

steds- knooppunt. Mei yngong fan 1 april 1990 en nei in healjier op 'e nij lid fan de Keamer, wurdt it TROS-lid boargemaster fan Breda, dat dêrfoar troch himsels ta stedsknooppunt promovearre is. De nije boargemaster, sûnder mis net loai, kriget, njonken in drege finansjele en politike krisis oer de nijbou fan it Chassé-teater, al gau in moai mustje bybanen om him bûten it stedhûs mei te fermeitsjen. 'Aktua in bedrijf' is voor mij een avondje uit'. Fiif jier nei syn beneaming ta boargemaster lit Nijpels Breda achter him om direkteur fan in Arbo-klub te wurden. Tagelyk lit er witte noch lang net op de polityk útsjoen te wêzen.

FAKATUERE

As Hans Wiegel, begjin 1994 en nei mei-elkoar 208 iepenings fan nij- of ferboude bedriuwen, it amt fan kommissaris fan de Keninginne achter him lit om, hiel wat better betelle, en njonken allerhanne kommissariaten, bedaard foarsitter fan de brânzje-organisaasje *Zorgverzekeraars Nederland* te wurden, wurdt de warbere Loek Hermans, sûnt 1990 boargemaster fan Zwolle, ta syn opfolger beneamd. It kommissarisskip fan de partijgenoat en eardere maat fan Nijpels, sil net lang duorje. Nei fjouwer jier wurdt er minister en de Steaten kinne op 'e nij, en krektlyk as de Ljouwerter gemeenteried yn dy snuorje, oan it profylsketsen om in nije troch de Kroan beneamde foarsitter te krijen. Hans Dijkstal hat ûnderwilens Bolkestein as VVD- fraksjefoarsitter opfolge en dat betsjut foar in inkelde kandidaat nije kânsen. Erica Terpstra is ien fan de nammen, dêr't it fan dúdlik wurdt dat se gading nei it provinsjale plús makket. Dat ropt by in partijgenoat fan har sa'n wearze op dat er skriuwt dat Terpstra hiel goed wêze soe foar it jierliks ûntheljen fan de Alvestêdewinner, mar by temperatueren boppe nul 'moet zij hier niet rondklunen'. Dy wurdt it dus net. De Fryske jubel is grut as op 'e nij in BN-er en tagelyk VVD-er, yn de ûntstiene fakatuere beneamd wurdt: Ed Nijpels. Dy ferrassende kombinaasje fan syn twa foargongers hat it sels oer de haadpriis, sa bliid is er mei syn weromkommen yn it iepenbier bestjoer en de nije baan yn it neat achter Zwolle. De Ljouwerter blidens mei de beneaming fan PvdA-ster Loekie van Maaren ta boargemaster, in moanne letter, is trouwens suver net minder. Twa opteine minsken fier fan hûs yn in nije baan. Hja sille noch mei-elkoar te meitsjen krije. Sa't kêst 7a fan de amtsynstruksje fan de kommissaris foarskriuwt: 'De commissaris ziet toe op een ordelijk verloop van de procedure met betrekking tot het ontslag van een burgemeester'.

KRIMINEEL

Koartsliêper Molly Geertsema, tsien jier kommissaris yn Gelderlân en kampioen bybanen, hie it oer in 'part-time job' en syn partijgenoat Wiegel is it dêr mei iens: 'Het is een baan waar je veel naast kunt doen'. En dat moat ek, want allinne mei it foarsitten fan Deputearre en Provinsjale Steaten kin de hege amtsdrager syn traktemint net wiermeitsje. Syn rykstaken stelle feitlik ek al net it measte foar. Boargemasterssaken, gemeentlike wurkbesiten, rampbestriding, iepenbiere oarder en feiligens en net te ferjitten de keninklike ûnderskiedings, dat binne gjin oangelegenheden dy't fuortendaliks de bloeddruk omheech jeie. Sadwaande moat der

wat oars barre. Sa is kommissaris Hedzer Rijpstra in hertstochtlik jager, en fansels foaral wyldbearder, dy't, neffens sizzen fan in eardere direkteur fan de Friesland Bank, yn syn wurk deabenaud is om in bok te sjitten. Rijpstra makket noch namme as er yn it Provinsjehûs in dief oansprekt mei de klassike fraach: 'Bent u soms de schrijfmachinemonteur?' Men kin fan tinken wol ha dat de man sa heislik skrikt, dat er de sokken deryn set. De kommissaris wit de 36-jierrige I. R. lykwols oan de oare kant fan de Twibaksmerk by syn lurven te pakken. Opmerklik dat ek Nijpels, sawat tweintich jier letter, in lyksoartige prestaasje op syn namme wit te bringen, as er yn Diken in 28-jierrige ynslûper wit te trappearjen. Soks lit dochts sjen dat in kommissaris dúdlik wat mei iepenbiere oarder en feiligens hat.

11

BYBANEN

Yn syn ferslach oer it jier 2006 skriuwt kommissaris Nijpels: 'Daarnaast bekleed ik enkele functies als privé-persoon'. As dat gjin beskiedenens is! Doe noch achttjin en ûnderwilens goed tweintich bybanen 'enkele' neame. Soks docht net earlik rjocht oan it feit dat Nijpels topskoarer bybanen ûnder syn hjoeddeiske kollega's is. Fan syn partijgenoaten en tagelyk kollega's kin allinne Jan Franssen yn Súd-Hollân meikomme. Karla Peijs yn Seelân docht, krekt begûn, aardich mei, wylst Clemens Cornielje yn Gelderlân noch dúdlik op glead komme moat. De provinsjale gedrachskoade foar de kommissaris, sa't dy yn 2004 fêststeld is, seit yn kêst 4 dat de bybanen net yn striid wêze meie mei it provinsjaal belang en fierders iepenbier makke wurde moatte. Hoe sit dat mei de Bonnema-stichting? Dyselde ûnmisbere gedrachskoade lit yn diel I ek al witte dat it dwaan fan de kommissaris op it belang fan de provinsje rjochte is. Dat is allegearre wol hiel oars as yn de tiid fan iere foargonger Binnert Ph. van Harinxma thoe Slooten, dy't hûndertentritich jier ferlyn yn syn oanbefellingsskriuwen noch typearre waard as 'onafhankelijk van fortuin en karakter'. Tsjintwurdich moat de kommissaris krigen presintsjes fan op syn minst 45 euro oan de deputearren melde, sadat dy har dan mar fernuverje kinne oer de goederjouskens fan de meiminske. Dat it kommissarisskip in soad romte foar bybanen en oare aardichheden lit, is moai foar de kommissaris, DSB-bank, Peute Papierrecyclers, TROS en al dy oare bedriuwen en organisaasjes dy't in bekende namme yn tafersjoch of bestjoer witte te wurdearjen. Allinne, is it foar de provinsje ek moai? Of is it krekt sa dat al dy bybanen op de lange doer it belang fan de provinsje mooglik ûnderstek dogge? Wat stelt in provinsjaal bestjoer winliken foar as syn foarnaamste bestjoerder sa'n tiid oer hat, sa kinne bûtensteanders har dochts ôffreegje?

PRESTIIZJE

De kommissaris is berops-iepener. Dat iepenjen liket my suver it wichtichste part fan syn wurk ta. Hy iepenet troch de jierren hinne argiven, bedriuwen, diken, gebouwen, skoallen, symposiums, mar foaral ek doarren. Foar it lêste hat men in soad kunde en kontakten nedich, dy't de kommissaris mei tank oan ferline, funksje en bybanen by de rûs hat. Dat er sa treflik iepenje kin, komt ek om't de kommissaris net allinne formeel de heechste gesachsdrager

yn de provinsje is, mar ek feitlik de 'official' mei de heechste status en it measte prestiizje. As âld-minister fertsjintwurdiget er yn de provinsjale biotoop in bestjoerlik esjelon dat foar hast elk ûnberikber is. En fierder is it fan belang dat de kommissaris it freontsje fan de keninginne is, om't dy no ienris de heechste status en it grutste oansjen yn it lân hat. Elk dy't geduerich yn har buert ferkeart of geregeld mei har te krijen hat, mooglik sels har freontsje is, kriget fan dat oansjen en prestiizje mei. En wat yn De Haach jildt, jildt mutatis mutandis yn Fryslân krekt sa. Yn de provinsje is it de kommissaris dy't syn status en prestiizje oan it fierder sa dizzenige provinsjaal bestjoer lient. Hy is de man dy't deputearren op it glysterige Haachske paad oerein hâlde moat, spul hawwende boargemasters al of net yn it amt hâldt en in ynformeel oerlisrûntsje relevant makket. Hy is ek de man dy't kwestjes yn it politike omtinken bringt of op de beliedsagenda set, boarnen mobilisearje kin, de provinsje nei bûten ta fertsjintwurdiget lykas nimmen oars dat kin, syn wenstee, folslein nij, foar tal fan fermiddens beskikber stelt en dy't, as 't wêze moat, net te beroerd is om in krimineel by de lurven te pakken. Dy lêste kwaliteit bin ik trouwens, oars as 'affiniteit met het thema openbare orde en veiligheid', net tsjinkommen yn de profylskets foar in nije kommissaris. Grappich, dat de doarmjende provinsje it yn dizzen fuortendaliks en folslein oerstallich oer in tema hat.

POSJET

Ed Nijpels hat syn amt de ôfrûne acht en in heal jier mei faasje, ferbûnens en fleur dien. Dat hie werklik in stik minder kinnen. En dan gean ik mar foarby oan syn net al te grutte taalgefoel, ûnderskate boargemasterskwestjes, de gemeentlike weryndieling, de provinsjale bou-affêre of de kwestje fan de sweeftrein. Nijpels hat him yn alle gefallen faak en op tal fan plakken yn en bûten de provinsje sjen litten, syn prestiizje, tiid en kennis fan saken foar tal fan kwestjes ynset en, fan net minder belang, him as in belutsen en tagonklike amtsdrager opsteld. Hy hat kasjet jûn oan hiel wat gelegenheden yn Fryslân, te begjinnen mei *Simmer 2000*, en tagelyk de 'trait d'union' west mei de fierdere en grutte wrâld. Hy kin, nei in dreech begjin yn de Twadde Keamer, werom sjen op in prachtige karriêre yn it iepenbier bestjoer. De Fryske jierren hearre grif net ta syn minste. En de Friezen? Dy sjogge it posjet dat Nijpels gauris draacht. Sa'n himmel bûsdoekje dat bedoeld is om man en pak noch fierder op te fleurjen. In posjet wurdt yn Fryslân net in soad droegen. It fertsjintwurdiget in nonsjalante elegânsje dy't de ynwenners fan Fryslân fan hûs út suver frjemd liket te wêzen. Sels ken ik mar trije mannen yn Fryslân dy't it dragen fan in posjet foar moade hawwe. Men soe jin ôffreegje kinne oft Nijpels syn moadebesef mei Brabânske flêr, in Roomske eftergrûn of de hannel yn tekstyl fan heit Nijpels te krijen hat. Der is trouwens in teory dy't seit dat in posjet stal jout oan manlike wissens, dy't, dat kin suver net oars, tagelyk oanwêzige ûnwissens ferside berget. Och, wat docht it der ta. Fan mij mei Nijpels ek nei 30 april it freontsje fan de keninginne bliuwe. En fan syn opfolger as de kommissaris fan de Keninginne yn Fryslân, soe ik graach sjen dat dy op syn minst Nijpels syn nonsjalante elegânsje meibringt. Dat is, njonken inkelde oare talinten, suver nedich.